

DINGtiid-lêzing 4 novimber 2023

‘Taal en rjocht: de positive ympakt fan it Frysk op de rjochtspraak’

Annalies Outhuijse (bestjoersrjochtlik advokaat en bestjoerder DINGtiid)

Bêste minsken,

Ik haw in spesjale bining mei dit gebou. Ien fan myn âldste oantinkens is nammentlik oan dit gebou. Freeds giene wy geregeld mei ús mem nei de Ljouwerter merk ta, hjir op it Saailân/Wilhelminaplein. Ut Frjentsjer wei mei de bus nei it Saailân ta - foar in bern al in hiele ûnderfining. By it útstappen waarden dan de regels fan de merkbesite útlein, lykas ticht by ús mem bliuwe (want it is drok hjir) en as we elkoar kwytreitsje, dan giest op de treppen fan it gerjochtsgebou sitten en sjogge we elkoar dêr. Dat wie foar dizze jurist yn 'e dop gjin ûndúdlik ferhaal, mar dochs seach ik hiel nuver. Ik seach nei ús mem en nei dy treppen. En wer nei ús mem en wer nei dy treppen en ik seach dêr echt in protte minsken sitten. Dus lytse Annalies freget: ‘Binne al dy minsken harren mem kwyt’?

Prachtich hoe't it bernebrein wurket.

Mar wy binne hjir hjoed fansels net om myn jeugdoantinkens te bepraten.

Hjoed wol ik it mei jim hawwe oer in rjocht dat foar in protte Friezen fan grut belang is: it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtbank. Nee, korreksje. Dat sis ik ferkeard. It is foar elkenien fan grut belang. De Friezen, de rjochtspraak en de hiele mienskip. Dat sil ik taljochtsje en ek hoe 't we dit neffens my better boargje kinne. Ik haw ek in spesifike helpfraach oan frou Oosting. Ik kom dêrop werom.

Mar ik wol earst in misferstân út de wrâld helpe. It Frysk is gjin útstjerrende taal, dy 't út sympaty wei help nedich hat. Dat is in grut misferstân. It is in libbene taal. Trijekwart fan de Fryske befolking kin Frysk prate en foar mear as de helte is it Frysk de earste taal – de memmetaal. Neffens de ûndersiken ‘Taal yn Fryslân’ is it praten fan it Frysk sûnt 1980 aardich stabyl, mar kinne hieltyd mear minsken Frysk lêze en skriuwe.

It brûken fan de Fryske taal yn de rjochtspraak is regele yn de Wet gebrûk Fryske taal (2014). Ik sil jim net tefolle ferfele mei juridyske artikels, mar wichtich is de Wet gebrûk Fryske taal dy't bepaalt dat:

1) elkenien oeral yn Nederlân de eed of belofte yn it Frysk dwaan mei, dus elkenien, oeral

en 2) dat wa't yn Fryslân wennet, yn in prosedure fan de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert Frysk prate mei yn it strafrecht, sivil rjocht en bestjoersrjocht.

Elkenien ken it strafrecht wol fan de telefyzje. Bygelyks, in persoan wurdt beskuldige fan stellerij. De offisier fan justysje kin dizze persoan ferfolgje en as er skuldich befûn wurdt, kin er in straf krije fan de rjochter.

Mar it is goed om ek in byld te jaan fan it sivil rjocht en bestjoersrjocht. It sivil rjocht regelet de relaasjes tusken partikulieren (yndividuën, bedriuwen, organisaasjes) en is ek in prosedure tusken partikulieren om bygelyks skeafergoeding te krijen of in kontrakt neikomme te litten.

Foarbyld: do keapest in auto, mar de auto blykt stikken te wêzen. Dan kinst in sivil prosedure starte tsjin de ferkeaper om dyn jild werom te krijen. Mar ek it famyljerjocht falt hjirûnder. Om in foarbyld te jaan, as in heit of mem út it âlderlik gesach set wurdt, dan bart dat fia it sivil rjocht. Dan freget de Raad voor de Kinderbescherming dit oan by de rjochter.

In bestjoersrjochtlige prosedure wurdt faak begûn troch in boarger of organisaasje dy't it net iens is mei in beslút fan in oerheidsynstânsje. Foarbyld: in gemeente ferlient in boufergunning foar in enoarm flatgebou neist dyn hûs. Dan kinst dêr in prosedure starte om de boufergunning ynlûke te litten troch de bestjoersrjochter. Mar ek de hiele berneopfangtaslachaffêre is bestjoersrjocht. Dy kenne jim allegear tink ik?

Der binne yn dy prosedures in soad ferskillende partijen belutsen. De rjochter, de offisier fan justysje, de advokaat, de belutsen oerheid yn it bestjoersrjocht en de griffier. Al dy partijen moatte dan ek Frysk ferstean, of gebrûkmeitsje fan in tolk. Soms ek lêze want ek de prosesstikken meie yn it Frysk.

De wet is koartsein rûnút helder: alle ynwenners fan Fryslân hawwe it rjocht om by de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert Frysk te praten.

Wêrom is dat rjocht sa wichtich? Omdat it Frysk foar in soad minsken mear is as in taal. It is in útdrukking fan harren identiteit, kultuer, skiednis, emoasjes. It is de taal

dêr 't se yn opgroeid binne, dêr't se har it bêste yn útdrukke kinne, dêr't se har it meast yn thúsfielje.

It rjocht om Frysk te praten yn de rjochtbank is ek wichtich foar de **kwalityt** en de **rjochtfeardigens** fan de rjochtspraak. Ik sil dit útlizze. It is essinsjeel dat elkenien dy't foar de rjochter stiet, begrypt wêr't it oer giet, wat de beskuldigings binne, wat de bewizen binne, wat de gefolgen binne. It is essinsjeel dat elkenien dy't foar de rjochter stiet, him ferdigenje kin, syn of har ferhaal fertelle kin, syn of har fisy op 'e saak jaan kin. It is essinsjeel dat elkenien dy't foar de rjochter stiet, fertrouwen hat yn de rjochter, de offisier, de advokaat, de griffier.

Dat betrouwen kin allinnich ûntstean as der in goede kommunikaasje is. Dus bygelyks foar dy mem dy't mooglik út it âlderlik gesach set wurdt, is it wichtich dat sy útlizze kin hoe't it by har thús giet, wat sy derfan fynt dat de bernebeskerming seit dat sy net by steat is om foar har bern te soargjen en wat de gefolgen foar har binne.

Dat klinkt as in útsûnderlik swiere saak. Mar lit ik sizze dat foar elkenien syn eigen prosedueren – grut of lyts – tige wichtich is. Gjinien start in prosedueren foar syn wille. Eltsenien fynt it tige spannend. Der steane altyd grutte belangen op it spul. Ik stean allinnich mar bedriuwen by en en ek de grutte bedriuwen fine it faak tige spannend.

Mar in Fries praat dochs ek Nederlânsk? Ja, dat is wol wier, mar dat is net itselde. Dat is it twadde misferstân dat ik graach de wrâld úthelpe wol. In soad Nederlanners kinne ek hiel goed Ingelsk. Mar in emosjonaal beladen ferhaal ûnder grutte druk yn it Ingelsk fertelle? Dat is dreech.

Dat liedt al gau ta it gefaar dat hja nei wurden siket, dat in persoan oars oerkomt as hja echt is (bygelyks dy mem yn myn foarbyld kin ûnferskillich oer komme wylst dat net sa is) of dat in persoan him ferkeard útdrukt. Dat kin de rjochter in ferkeard byld of ferkearde ynformaasje jaan.

It argumint 'Maar een Fries spreekt toch ook Nederlands?' giet dus net sûnder mear op. Dêrom moat de taaldrompel sa leech mooglik wêze om werklik de rjochten fan ferdigening, it soarchfâldich rjochtsproses en de rjochtssteat te boargjen.

Gelokkich binne der in soad foarbylden wêrby't it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtbank goed tapast wurdt. Neffens sifers wurdt der yn 150 saken yn it jier it Frysk tapast. Dat kin gean om in partij dy't yn it Frysk praat, al of net mei help fan in tolk, it kin gean om in Frysk dokumint dat brûkt wurdt, mar ek om in útspraak fan de rjochter dy't hielendal of foar in part yn it Frysk opsteld wurdt.

Sa wie der yn 2020 in saak wêrby't it gie om myn foarbyld ut it famyljrjocht - om úthûspleatsing fan in bern. De rjochtsitting wie foar it grutste part yn it Frysk. De mem mocht har ferhaal dwaan yn de Fryske taal en de rjochter stelde de fragen ek yn it Frysk. Sels de beslissing wie yn it Frysk.

Geweldich posityf hjiroan is, dat de rjochter de bêste ynformaasje krijt, de persoan him heard fielt, echt de mooglikheid hat om syn ferhaal te dwaan en dat (dêrtroch) de útspraak fan de rjochter folle earder akseptearre wurdt - sels as it net yn it foardiel is fan dy persoan. Soks witte wy ek út de wittenskiplike literatuer.

Sokke foarbylden binne tefolle ôfhinklik fan de yndividuele rjochter en oare belutsen partijen. It moat struktureel boarge wêze. Der binne ek foarbylden wêrby't it rjocht om Frysk te praten net goed neilibbe wurdt. Wat giet der geregeldwei mis?

- Gebrek oan ynformaasje: Minsken kenne har rjochten net; dy wurde net dúdlik genôch ferteld. Dan stiet it bygelyks wol yn in brief, mar wy witte allang dat minsken yn it algemien net goed binne yn it lêzen fan brieven.
- Planning: Minsken dy't yn de sitting Frysk prate wolle, moatte dat op syn minst acht dagen foar de sitting kenber meitsje. Boargers sûnder advokaat binne meastal net op 'e hichte fan dy formele ferplichting. It is gjin ferplichting, mar as de rjochtbank it net wit, kin it wêze dat de saak útsteld wurdt.
- As gefolch fan de fúzje fan rjochtbanken - Ljouwert is bygelyks gearfoege mei Grinslân en Drinte ta de rjochtbank Noard-Nederlân - sjogge wy hieltyd faker dat saken mei Frysktalige prosespartijen fanwegen it ûnderwerp trochferwiisd wurde nei rjochtbanken bûten Fryslân. Sa geane bepaalde saken fan it famyljrjocht en bestjoersrjocht nei Grins. Dêrom is der in te grutte groep fan belutsen partijen dy't potinsjeel it Frysk kinne moatte, lykas rjochters, offisieren en advokaten.
- Yn it algemien is der in persoanelstekoart oan rjochters, griffiers en offisieren mei foldwaande kennis fan de Fryske taal.
- Rjochters binne net altyd ree om it rjocht om it Frysk te brûken te fasilitearjen, bygelyks fia in tolk.
- It brûken fan tolken is al jierren in grutte soarch. Profesjonele tolken binne net altyd beskikber. Yn de praktyk binne dy tolken sûnt it neijier fan 2021 net of amper ynhierd fanwege in skeel tusken tolken en it ministearje fan Justysje oer harren fergoeding.

Dat allegear liedt derta, dat minsken net altyd yn it Frysk prate kinne, wylst men dat eins wol wol en dat ek better wêze soe foar de rjochtsaak.

Soks docht geweld oan de útoefening fan de rjochten fan Fryskpraters, mar ek oan de wierheidsfining. It ferminderet sa de algehiele kwaliteit fan de rjochtspraak.

Net allinnich ik sis dat, mar it wie ek de konklúzje fan Expert Committee of the European Charter for Regional or Minority Languages fan augustus fan dit jier.

Although Frisian can be used in judicial proceedings, there are difficulties regarding interpretation in criminal proceedings that must be addressed without further delay.

The authorities should also motivate judges, clerks, and prosecutors to acquire an active knowledge of the Frisian language.

Dan wie der noch in nulmjitting ferline jier. Dêr is in soad kommentaar op te jaan, mar wat wol nijsgjirrich is, is dat minsken oanjouwe dat se wol Frysk prate wolle mar dat se har net **feilich** genôch fiele om dat te dwaan.

Soksoarte situaasjes moatte wy mei elkoar foarkomme.

Dan no konkreet, hoe moatte wy it dan boargje?

In echt grutte oarsaak is de fúzje fan de rjochtbanken. Dêrtroch moatte tefolle belutsenen de Fryske taal machtich wêze en wurde tefolle Fryske saken bûten Fryslân behannele. As dat net sa is, dan falt dêr de measte winst te beheljen. Mar ek dan binne der nei alle gedachten noch tolken nedich, omdat der safolle partijen by belutsen binne.

Eins moat dy hiele fúzje weromdraaid wurde. Myn fraach oan frou Oosting is, soe dat mooglik weze? By hokker adres moatte wy wêze om de opskaling werom te draaien? Moatte wy wêze by de wetjouwer? Moatte wy wêze by de Ried foar de Rjochtspraak? Of kinne de rjochtbank en it gerjochthôf yn Fryslân sels genoch passende maatregels nimme?

Om dizze praktykproblemen op te lossen hat DINGtiid de folgjende fiif oanbefellings dien oan 'e Twadde Keamer:

- 1) Rjochtssaken dêr't it fersyk by dien is om Frysk te praten of dêr't de kâns oannimlik by is dat sa'n winsk bestiet, wurde ofdien by de sittingslokaasje Ljouwert. Yn myn eigen rjochtsgebiet - it bestjoersrjocht - sjoch ik in rol weilein foar de belutsen oerheden. Der is altyd in oerheidspartij by belutsen - in

gemeente, de provinsje, it wetterskip - en sy witte hokker partijen belutsen binne en oft der mooglik ferlet is om Frysk te praten. Sy kinne dat trochjaan oan de rjochtbank. Selde jildt foar de plysje yn it strafjocht?

2) As wy dan yn Ljouwert binne, dan moatte alle profesjonele prosesdielnimmers binnen de rjochtbank en it gerjochtshôf, it Frysk minimaal passyf behearskje.

3) Salang't dat net slagget, moat der mear gebrûk makke wurde fan rjochter plakferangers dy't de Fryske taal machtich binne. Sokke rjochters fan bûten de rjochtspraak, lykas akademisy en advokaten, kinne in wichtige oanfolling weze. Dat ûnderfangt de arguminten fan 'we hawwe net genoch minsken'.

4) Ek binne tolken nedich. Dat moat dan wol boarge wêze. Sy moatte in reedlike fergoeding krije.

5) Sadree't dit boarge is, kin it rjocht beheind wurde ta Fryslân. Mar dan moat der wol in optimale proaktive hâlding weze binne de rjochtbank en gerjochtshôf. Dêr moat ûnder oaren ûnder ferstien wurde dat alle prosespartijen witte dat hy oft sy de kar hat tusken Nederlânsk en Frysk en dat it foar de útkomst fan de saak net útmakket hokker taal oft je brûke wolle.

Dat is de koartste klap om it Frysk te boargjen en om stappen te setten om it Europeeske Hânfêst nei te libjen.

Ik soe it moai fine as de rjochtbanken en it Gerjochtshôf struktureel it brûken fan it Frysk yn kaart bringe sille of DINGtiid freegje om dat te dwaan. DINGtiid hat ek ferskate aktiviteiten op dit mêd, lykas kontakt mei Twadde Keamerleden en kontakten mei autoriteiten yn it bûtenlân.

It soe goed weze om it gebrûk fan de Fryske taal in Fryslan struktureel yn kaart te bringen and ynspiraasje op te dwaan yn oare lannen. It giet echt net altyd better yn oare lannen, mar we kinne wol besjen wêr't it wol goed giet en hoe't dat dan kin.

Dan ha ik noch in persoanlik pinepunt. It rjocht yn de wet is beheind ta ynwenners fan Fryslân. Friezen om utens kinne hjir dus gjin berop op dwaan. Ik soe graach wolle dat de rjochterlike macht neitinkt oer wat de situaasje betsjut foar de tsientûzenen Friezen dy't op oare plakken yn Nederlân wenje.

Ofslutend: Wat ik graach wol dat jim mei nei hûs nimme, is dat it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtbank gjin geunst is, gjin privileezje, gjin útsûndering. It is in rjocht, in plicht, in noarm dêr't wy allegear profyt fan hawwe kinne. Lit ús dat rjocht koesterje, beskermje en befoarderje.

D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

Tankewol!